## Hoptille, it lytse buorskip mei in rike skiednis en in fermearde famylje

*Hoptille, it lytse buorskip tusken Húns en Hilaard, hat in skiednis yn nevelen huld. André Buwalda fan Skettens en konservator Jeroen Punt fan it Nationaal Militair Museum hawwe earder dit jier wer in lyts tipke ljochten mei in bysûndere en grutte ûntdekking: Yn it Ryksmuseum hinget in skilderij, dêr't oant no ta fan sein waard dat der de grutte admiraal Piet Hein op stiet. Harren ûndersyk hat bewezen dat it Jan Gerckes Hoptilla is, mei woartels yn it buorskip Hoptille.*

*Buwalda en Punt hawwe earder namme makke troch ûndersyk nei de Fryske offisieren, wêrûnder kapitein Schelte van Aysma (ca 1578 – 1637). Troch harren wiidweidige ûndersyk hat syn lêste manlike ôfstammeling ôfrûne jier in erkenning binnen de Nederlânske adel krigen.*
*Jan Gerckes Hoptilla (ca 1580 – na 1647) is skildere yn in rige fan 18 portretten fan offisiers fan it Friese Nassause Regiment Infanterie. Fan guon skilderijen binne kopyen makke, wêrûnder it skilderij dat yn letter jierren tawezen is oan Piet Hein (1577 – 1629). Dizze oanname blike net korrekt, doe't in kopy mei dúdlike namme derop opdûkte by in partikulier.*

# *Jan Gerckes Hoptilla; adellijk of eigenerfd*

**De familie Hoptilla is een Friese familie, waarvan we eigenlijk heel weinig weten. Waarschijnlijk gaat het hier om een zogenaamde 'eigenerfde' familie, wel belangrijk, maar niet van adel.**

Het bekende, maar niet altijd betrouwbare, Stamboek van den Frieschen Adel (1846), besteed echter nog wel een hoofdstuk aan deze in hun ogen adellijke familie. Tresoar geeft aan vraagtekens te zetten bij de bekwaamheid van de samenstellers.
Waarschijnlijk komt de familienaam van het buurtschap Hoptille. Daar lag een gelijknamige brug over de Bolswardervaart. Een tille is namelijk een hoge brug en aldaar is ook een Hoptilla Sate bekend.

Jan Gerckes Hoptilla werd omstreeks 1580 geboren als zoon van Gercke Wybes Hoptilla en Grietje Jans Hagedoorn. Zijn vader Gercke was fabrieksmeester te Leeuwarden.
Het gezin bestond verder uit broer Wybe Hoptilla, een luitenant onder kapitein Rogier Slijp. Een andere broer was Upke Gerckes Hoptilla, die koopman te Leeuwarden was. Tot slot had hij nog een zus Tietske Gerckes Hoptilla, die getrouwd was met Jan Michels. Hij was pikeur en rustmeester in het Friese regiment.

Jan Gerckes Hoptilla trouwt in 1603 met Botje Dircksdr. Siercksma. Zij hebben drie kinderen, waarvan een dochter trouwt met een advocaat voor het Hof van Friesland en een andere die rector in Alkmaar wordt.
Na het overlijden van Botje trouwt Jan met Aeltje Verkerck, ook uit dit huwelijk volgen drie kinderen. Van 1634 tot 1647 wonen zij in Harlingen. Over andere woonplaatsen is niets bekend.



*Het schilderij uit het Rijksmuseum, waarvan lang is gedacht dat dit Piet Hein voorstelde*

### Militaire carrière

Jan Hoptilla heeft zijn hele werkzame leven een militaire loopbaan gevolgd. In 1603 is hij vaandrig en langzaam kruipt hij op in rang. In 1625 wordt hij benoemd tot luitenant in de compagnie van overste Juw van Eysinga. Wanneer laatstgenoemde in 1631 overlijdt, wordt Jan Hoptilla twee maanden later benoemd tot kapitein in het Friese regiment.

Een jaar later schrijft Jan Hoptilla een brief aan stadhouder Ernst Casimir van Friesland, waarin hij opgave doet van de onder zijn bevel staande mannen en van degenen die te oud zijn om te vechten. Deze brief wordt nog bewaard in het Koninklijk Huisarchief van de Oranjes.

Op 8 augustus 1632 speelt Jan Hoptilla een beslissende rol bij het afslaan van een aanval van Spaanse troepen op een voorpost van het legerkamp van Prins Maurits in Amby/Amie (nu een stadswijk van Maastricht). Hiervan is een ooggetuigenverslag gemaakt, vermeld in een kroniek van de Friese militair Poppo van Burmania. 'Een pistoelschoet van ons quartier stonde een kleine kerck met een kerckhoff, Amij genaemt. Aen het trenchement daer twee compagnijen de wacht in hadden, te weeten een Vries capitein Jan Gerkes Hoptille, daer de drie regimenten Italianen die de avangarde hadden dapper op aanvielen, sodat sij handt tegen handt vochten ende de musquetten so ras niet konden laden, maer met de kolwen van de musquetten ende pijcken haer afslugen, tertijt dat sij securs kregen.' Onder leiding van Jan Gerckes Hoptille werden de troepen dus overwonnen en teruggedrongen.
Stadhouder Ernst Casimir was inmiddels al omgekomen bij inspectie van de loopgraven bij Roermond. Hier is hij op 2 juni 1632 in het hoofd geschoten. Zijn bijzetting in de grafkelder in Leeuwarden deed op zich wachten tot 13 januari 1633. Hier lopen o.a. Jan Gerckes Hoptilla, zijn zwager Jan Michels en (zijn neef?) dr. Joannes Hoptilla, advocaat voor het Hof van Friesland, mee.

Eind mei 1633 komt Jan Hoptilla met een aantal andere kapiteins aan in Roermond. Op 18 augustus vertrekt hij weer, samen met vijf andere compagnies onder leiding van luitenant-kolonel Levin de Caluart. Ze gaan op naar Venlo en sluiten zich bij het 'princenleger' aan, dat daar in de buurt is.

Jan Hoptilla ligt in november 1635 met zijn compagnie in garnizoen te Coevorden, samen met kapitein Douwe van Andringa. Hij krijgt dan patent (opdracht) van de Friese Gedeputeerden om naar Stavoren op te rukken, zonder acht te mogen slaan op de patenten van de stadhouder. De commandanten van de vestiging Coevorden houden op bevel van de stadhouder echter de poorten gesloten.
Zo schrijft Joan Adolph van Renesse, commandant van Coevorden, aan stadhouder Hendrik Casimir dat 'kapitein Jan Gerckes Hoptilla volgens patent van de Staten was vertrokken, maar onderweg een tegenbevel van de stadhouder had ontvangen, waarop de goeden man daardoor perplex sijnde en niet wetende wat te doen'. Commandant Van Renesse wilde namelijk de bevelen van de stadhouder opvolgen.
In dat jaar is er namelijk een flink geschil tussen de Gedeputeerde Staten en de stadhouder, welke laatstgenoemde ook zelfstandig opdrachten geeft. De kapiteins blijven echter trouw aan de stadhouder en uiteindelijk verliezen de Staten van Friesland dit armpje drukken.

Jan Hoptilla wordt op 1 maart 1644 opgevolgd door de Litouwse edelman en kapitein Karol Oginsky. Mogelijk dat de inmiddels ongeveer 64-jarige kapitein met pensioen gaat. Wanneer hij overlijdt is niet bekend, maar in 1647 wordt hij nog genoemd als verkoper van een woning in Harlingen.

## Wapen en famyljewapen



**It famyljewapen fan de famylje Hoptilla en it persoanlike wapen fan Jan Gerckes Hoptilla ferskille net bot. Sa as in soad Fryske famyljewapens is de linker helte fult mei de heale Fryske eal (adelaar). Hoptilla hat rjochtsboppe in sulveren swaan op blau en ûnder trije goudene klaverblêden op read.**

Jan Gerckes Hoptilla hat linksûnder in fjirde fjild mei trije strûsfûgelfearren.

Jaap Scheffer hat jierrenlyn besocht de betsjutting fan it famyljewapen te duiden: „Hwat it wapen oangiet, kin sein wurde, dat de trije klaverblêdtsjes doele op greide en dat de famylje "zeer welgesteld" wie. De swan doelt op it rjocht ta swannejacht en it hâlden fan swannen, liken as by Hokswier. De heale earn is in algemien ferskynsel."

### Fjouwer pleatsen op Hoptille

Hoe't it presys met de famylje Hoptilla sit, is net alhiel dúdlik. Hawwe sy harren neamd nei de tille dêr't sy by kamen te wenjen? Wêr ha sy presys wenne? It is dúdlik dat de famylje in soad besit hie yn 'e omkriten fan de Hoptille.

Upcke Gerckes Hoptilla wie 29 jier âld doe't er yn 1616 stoar. Hy wie keapman yn Ljouwert en in broer fan Jan Gerckes en hat syn besittingen yn 1613 beskreaun yn in testamint. Syn besit soe neilitten wurde oan syn soan dr. Johan Upckes Hoptilla, abbekaat oan it Hof fan Fryslân en syn bernsbern Gercke Reyns, in soan fan syn dochter Femme Upckes Hoptilla. It besit bestiet út fjouwer pleatsen: Rieuwerdasate (Rieuwert), Rinia-State (by Húns), Old-Hoptilla en Op 'e Berch (ûnder Hilaard). Boppedat wiene der besittingen op 'e Nijstêd yn Ljouwert en op it Boalserter Nijlân en keppele oan Rieuwert it rjocht fan swannejacht.

## Tolman op 'e tille

**De stêd Boalsert jout yn 1649 opdracht om, yn neifolging fan Snits, in trekwei oan te lizzen fan de stêd nei Ljouwert. Der moat fansels jild binnenkomme, dat op Hoptille komt in tolhúske. It tol is te pachtsjen.**

"Eartiids wie hjir mear ferdivedaesje. De Boalserterfeart wie in drok farwetter en de trekskippen mei har reizgers brochten in heap fortier. It tolhûs by Hoptille hat dan ek drokkere tiden kend as nou. As de tolman op Hoptille yn 1773 stjert, moat der in nijenien komme, De heechste bieder kriget de hikke dan foar fiif jier. It feit, dat der yn 1774 goed 140 goune bean wurdt, kin men wol út opmeitsje dat der wol in deihier yn to fortsjinjen foel. Hwant net allinne de toljilden wiene foar de tolman, mar ek de reisbere man moast er iten en drinken jaen. En dan hie er jit de hynsders op 'e kost."

"Hea hat de Hoptilster tolman ek gauris to keap. Bèst heechlânsk hea, stiet der dan by, dat dan wol op 'e trekdiken woun wêze sil."



MEn præsenteert publyk aan de minstaanneemende te besteden: Het maken van een Nieuwe Uitlegering van Zes a Zeven PAARDE-STALLEN op 't Tolhek *Hoptilla* genaamt aan de Bolswarder Trekvaart, zo Materialen als Arbeidslonen, en dat op Dingsdag den 26sten September, eerstkomstig op Hoptilla de klok 10 Uur voor Noen. De bestekken zyn te bekomen by *Doekle Sjerks* Meester Timmerman te Bolsward en op voorsz. Tolhuis, en ter Secretarye van voorsz. Stad.

*© Leeuwarder Courant, 20 septimber 1775*




*It âlde tolhûs út 1652 op Hoptille hat noch hieltyd it Boalserter wapen as gevelstien. Mooglik dat op dit plak al yn 1500 de state fan 'e famylje Hoptilla stien hat*

*Mei tank oan:*
*André A. Buwalda (Schettens)*
*Jaap Scheffer (Winsum)*
*Baerderadiel yn Geakunde, side 381*
*Delpher.nl*